

KRITENIJS

FRYSK
SELSKIP
·
US
MEMMETAAL
·
ASSEN



Oprjochte yn 1930



Winterskoft 2024 – 2025

nr. 3, maart 2025

Ôfstj.: Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen

Frysk Folksliet

Frysk bloed tsjoch op! ¹⁾ Wol no ris brûze en siede,
en bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
it Fryske lân fol eare en rom.

Refrein:

*Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!*

Hoe ek fan oermacht, need en see betrutsen, ²⁾
oerâlde, leave Fryske grûn,
nea waard dy fêste, taaie bân ferbrutsen,
dy't Friezen oan har lân ferbûn.

Refrein

Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare,
syn namme en taal, syn frije sin;
syn wurd wie wet; rjocht, sljocht ³⁾ en trou syn leare,
en twang, fan wa ek, stie it tsjin.

Refrein

Trochloftich ⁴⁾ folk fan dizze âlde namme,
wês jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme
in grien, in krêftich bloeiend leat!

Refrein.

¹⁾ tsjoch op = bliuw net stilstean

²⁾ betrutsen = yn gefaar brocht

³⁾ sljocht = ienfâldich

⁴⁾ trochloftich = Holl.: doorluchtig



Earebyld
dr. Eeltsje Halbertsma, Grou

*'De âlde Friezen'
ferzje Halbertsma/
Van Loon*

Kolofon

Gearstalling bestjoer

Foarsitter: Teatske Haanstra, Nic. Beetslaan 1 B2, 9405 BB Assen, tel. 0592 344920; teabosma@hetnet.nl

Skriuwer: Hans Groenhof, Broeklaan 56, 9405 AN Assen, tel. 0592 352932; hansenmetje@home.nl

Ponghâlder: Douwe de Beer, Jan Palachweg 101, 9403 JT Assen, tel. 06 10166002; ddb@planet.nl

- Bankrekken fan de Krite: NL 78 RABO 0310 1082 33

Leden: Sjoerge Wiersma, Metje Groenhof, Renny Monsma.

Redaksje Kritenijs

Redaksje-adres: Anje Hoogland (typwurk en layout), Rolderdingspillaan 36, 9451 GB Rolde, tel. 06 19787284; anjehoogland50@hotmail.com

Jan Toering (korreksje- en oersetwurk), Gersthullen 29, 9403 WK Assen, tel. 0592 370102; j.toering29@gmail.com

Meiwurkers oan it Kritenijs (oer it algemien): Jeltje Geertsma, Sjoukje Jansma, bestjoersleden, redaksjeleden.

Kontaktpersoanen en/of adressen

- Lede-administraasje: Sjoukje Jansma-Mozes, Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen, tel. 0592 354238

- Ferfier nei Hooghalen: Hans Groenhof, tel. 0592 352932, b.g.g. Teatske Haanstra, tel. 0592 344920.

Oare adressen

It Keninklik Frysk Boun om Utens:
www.fryskbutenfryslan.frl

Keatsen: Gerrit Elzenga, tel. 06 26688684
www.heitelan.nl (stêden en doarpen)

www.afuk.frl

www.goeie.frl: digitaal blêd (nijs út Fryslân en de wrâld)



Ynhâld

- 1 Nammen en adressen
- 2 Advertinsjes + limerick
- 3 Derbûten
- 4 Ferslach ledegearkomste 10-1-2025
- 5 Boek oer de Haulerwyksterfeart
- 6 Nije kâns yn Easterwâlde + Fraachpetear
- 7 ferfolch Fraachpetear
- 8 Fan de redaksje

9 Utnûging feest 11 april

- 10 Te maaie (liet) + Skraard
 - 11 Eveneminten simmer 2025
 - 12 De Fries en syn taal + betankje
 - 13 Wurdsiker + Bokwerter
 - 14 It Fryske wapen + It sintsje
 - 15 Advertinsjes
 - 16 Bûsboekje + wiisheden
- Kaft: advertinsjes + Rotonde + Brij

Geef uw fiets een onderhoudsbeurt

Dealer van
SPARTA-RIH


B. Franke
TWEEWIELERS

Groningerstraat 266 • Assen • 0592 344237



Friese-producten.nl

Online Friese kado's

Webwinkel met meer
dan 500 Friese artikelen.
Vandaag besteld,
overmorgen in huis!

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...

nog véél meer!

www.friese-producten.nl

06-53259385

Omke Auke hie fiif kninen, mar dy bisten pykten út!
Nearne wiene se te finen. Omke altyd foar it rût,
elke dei mar wer opnij, mar der kaam gjin knyn foarby.
Hy hie fan alles al besocht en hope op in goed berjocht.
Hy liet it hok op 't lêst mar iepen en ... wat barde op in kear?
Moarns leinen se der wer yn te sliepen!

(Sytske Rispen)



VANVEEN
TANDPROTHETISCHE PRAKTIJK

BERRY VAN VEEN
TANDPROTHETICUS

Mr. P.J. Troelstralaan 257
9406 BA Assen

0592 26 89 89
info@tppvvanveen.nl
www.tppvvanveen.nl


Derbûten

1930 - 2025

1930 *“Do moast net skrieme, Beitske, wy rêde it wol op hjir yn Assen. Ik kin wurk krije by de Coveco en do bist no de allerbêste skroar yn Assen, dat do silst fêst ek wol in baan fine.”* Mar Beitske wie noch net gerêst op harren ferbliuw yn Assen. *“Ik moat ek Hoolands prate yn de winkel, en ús bern geane mei bern buitendeur boarten. En ús heit en mem dan, sy kinne hjir hast net iens komme”.*

Sa gong dat yn de 30’er jierren, Friezen om utens. Om in lang ferhaal koart te meitsjen, der kaam ridlik gau yn 1930 it Frysk Selskip “Ús Memmetaal”. Ach wat moai, je koene Frysk prate, want dat sit dochs yn je bloed. Der wie fan alles te dwaan: it sjongkoar, de keatsklub, de toanielklub, de literatuerklub, de bibleteek, de boeketafel, Fryske tsjerke-tsjinsten, út te farren, Beitske koe alle kanten op en alles yn it Frysk! En fansels kaam it Kritteniis. It nijs foar alle Friezen by de Krite Ús Memmetaal.

Mar de wrâld feroare, it kaam tichteby. De televyzje, de telefoan, it ferfier fan it iene plak nei it oare, de bern dy’t Nederlânsk begûnen te praten, de Friezen om utens krigen it drokker mei oare klupkes en kunde yn Assen en *It Hoolands* gie harren ek better ôf.



2025 *“Hoe liket it, Bettie, sille wy 11 april nei Hooghalen, kinst it rêde?”. Bettie: “Us mem Beitske soe wol sizze: net stinne der hinne”. It is eins wol skande dat ús bern net mear nei de Krite geane, mar sy ha it sa smoardrok mei allegear oare dingen en it Frysk is lang sa wichtich net mear foar harren as yn de tiid fan ús mem-en-dy”.*

Bettie en har man jouwe har op foar de lêste dei fan de Krite. It ledetal is sakke fan om-ende-by 600 nei 100. Der komme sa’n 30 leden nei in Kritemiddei en hieltyd moat der jild bylein wurde út de Kritebeurs. De boaiem is yn ’t sicht.

“Ik fyn it skande dat de Krite dermei ophâldt, mar ik koesterje al it moaie dat ús mem-en-dy meimakke ha by de Krite en ek ús tiid dy’t wy hân ha by Ús Memmetaal”. “Wy ha der sin oan, Bettie, en wy fiere dan it 95-jirrich bestean en glimkje by de wearde dy’t de Krite hân hat foar de Friezen om utens yn Assen en omkriten.”

Út namme fan it bestjoer kin ik sizze dat wy it bestjoeren mei in hiele protte nocht en wille dien ha en wy ha besocht om jim in prachtich moaie tiid te jaan by Ús Memmetaal. Ik kin no oars net sizze as

IT GIET JIM GOED

Groetnis,
Teatske

Ferslach fan de koarte ledegearkomste op 10-1-2025

Oanwêzich: 48 leden, ynklusyf de bestjoersleden fan ús Krite.

1. Iepening: ús foarsitter Teatske iepenet de gearkomste en hjit ús allegear wolkom. Sy winsket ús alle goeds foar 2025. Dêrnei wurdt it Frysk Folksliet songen.

2. Meidielings en ynkommen stikken: binne der net.

3. Ferslach fan de ledegearkomste fan 18-10-2024: wurdt goedkard.

4. Motivaasje ophâlden Krite

Teatske jout in wiidweidige motivaasje oer it ophâlden fan ús krite yn april 2025. It binne de finânsjes, dy't ús dêrta twinge; we tarre fluch yn. Taljochting: de kontribúsje fan alle leden wurde suver en allinne brûkt foar it bekostigjen fan it Kriteiis. De kosten fan aktiviteiten rinne hurd op.

Us krite bestiet dit jier 95 jier. Om tefoaren te kommen dat ús krite in slomjende, ynslipeende feriening wurdt, hat it bestjoer yn de ledegearkomste it foarstel dien om yn 2025 op te hâlden. Yn dizze gearkomste (10 jannewaris) is der gelegenheid foar leden dy't noch gjin akkoartferklearring tekene ha, dat no noch te dwaan.

Yn totaal, oer beide ledegearkomsten, ha 55 leden de akkoartferklearring ûndertekene.

5. Fryske Krite Easterwâlde: it is foar elkenien in opsje om lid te wurden fan de Krite yn Easterwâlde. Frou Fan Berkum, foarsitter fan dy krite, fertelt oer harren aktiviteiten. Dêroer skriuwt se ek in stikje foar it Kriteiis fan maart o.s. Elkenien is wolkom; Anje Hoogland wol mei har auto wol minsken meinimme nei de middeis yn Easterwâlde.

6. Foarstel: Metje Groenhof docht it foarstel om, sa mooglik, ienris yn 't jier mei de leden fan Us Memmetaal (dy't dêr nocht oan hawwe) út te iten te gean yn De Bonte Wever yn Assen. Dan treffe we elkoar nochris. De kosten binne dan fansels foar eigen rekken en dy gearkomste stiet alhiel los fan Us Memmetaal.

7. Sluting: Teatske slút dizze koarte ledegearkomste en bringt mei ús in toast út op it nije jier 2025.

Hjirnei folget it hearlike stampotbuffet!

Hans Groenhof

Meidieling fan de ponghâlder

Yn ferbân mei it opheffen fan ús Krite sil der nei 11 april o.s. in kaskontrôle wêze. As der jild oer is, sil dat nei in goed doel gean. Dêrnei wurdt de Keamer fan Keaphannel ynljochte oer it útskriuwen fan de Krite by dy Keamer. Douwe de Beer sil alles korrekt ôfhannelje.



BOEKENIJS

De wijken aan de Haulerwijkstervaart

skreaun troch Poppe Jansma.

Poppe Jansma, hikke en tein yn Haulerwyk, hat as amateur histoarikus ûndersyk dien nei it doarp fan syn jeugd en syn bewenners.

Hy hat gegevens sammele en beskreaun oer in breed skala oan ûnderwerpen.

Yn 2022, it jier dat er stoarn is, wurke hy oan it manuskript fan dit boek.

Syn famylje hat miend om it boek no noch postúm út te jaan.

Oan wjerskanten fan de Haulerwyksterfeart en de Elleboogsfeart binne 58 wiken groeven.

Dit boek giet oar dizze wiken; harren nammen, foarfallen yn harren omkriten en de minsken dy't der wennen.

Poppe Jansma sketst dêrmei in nijsgjirrich en ôfwikseljend byld fan trije iuwen Haulerwyk en syn bewenners.

Belanghawwenden kinne it boek foar € 15,-- keapje by BVK grafisch vormgever, Slotemaker de Bruïneweg 6a, 8433 MB Haulerwijk.

* Mar jo kinne it boek ek bestelle by Sjoukje Jansma. Sy soarget dan dat it boek by jo komt. Tel. 0592 354238.

Fan it bestjoer: Poppe hat (mei Sjoukje) jierren en jierren mei krektens de lede-administraasje en it ferstjoeren fan it Kritenijs fan ús krite dien. Dat wurdt noch altyd tige wurdearre.

In nije kâns! (by Fryske Krite Easterwâlde e.o.)

Nei 95 jier komt der in ein oan it bestean fan Krite “Ús Memmetaal” en dêrmei ek oan it ûnferfangber Kritteniis.

De koarte tiid dat wy lid wiene fan jim Krite ha wy mei in protte nocht it “Kritteniis” lêzen. Net *ien* kear, mar meardere kearen. Prachtich wat dêr elke kear yn stie! In keunst om dat sa moai foarinoar te krijen.

Op jim gearkomsten fielden wij ús ek fuort thús, (hast) krekt sa thús as op de gearkomsten fan ús “Fryske Krite Easterwâlde e.o.”. Mar ja, soks moat ek groeie fansels. Mochten jim dat ek ûnderfine wolle, kom dan ris nei de Kritegearkomsten yn Easterwâlde (yn De Miente, Snellingerdyk 39).



De Miente

Op 'e lêste gearkomste fan “Ús Memmetaal” op 11 april o.s. yn it Haolerhoes yn Hooghalen nimme wy it jierprogramma 2024-2025 mei. Dat jout in idee fan it kommen en gean fan de Krite Easterwâlde. Ek steane dêr alle kontaktadressen ensf. yn.

Fansels: **fan herte WOLKOM.**

It iennige wat der noch net op stiet is, dat wy mei in bus op reis geane op woansdeitemiddei 30 april, nei it Skûtsjemuseum yn Earnewâld. Nei de kofje/tee mei oranjekoeke in rûnlieding. Foardat wy wer op hûs oan geane noch in drankje. Op 'e weromreis yn Don-kerbroek lekker (waarm) ite yn 't Wite Hûs. Om in oere as acht jûns binne wy dan werom yn Easterwâlde.

Sille wy earst mar sizze: “Oant sjen op de alfde april yn Hooghalen?”

Fryske Krite Easterwâlde e.o.
tberkboer@quicknet.nl
tel.: 0516 – 850186

Freonlike groetnis,
Tryntsje van Berkum-de Boer

Fraachpetear mei it foltallige bestjoer

Dit petear hat west by Rennie Monsma thús, sa't de bestjoersleden har gearkomsten wikseljend by ien fan harren hie.

Dit jier bestiet ús krite 95 jier en Douwe sei: “Wat hie it moai west as wy de 100 helje koene, mar dat rêde wy finansjeel net op”. De krite soe dan deabliden en dat wolle wy gjinien fan allen. As it dan dochs net oars kin, dan mei in moaie dei ta beslút.

Dit bestjoer is op in ûngewoane wize ûntstien. Rennie (fan 2003 ôf) en Metje (fan 2007 ôf) sieten as de jongsten yn it bestjoer, doe't yn 2014 de âlderein fan de ploech te kennen joech om opstappe te wollen. Rennie en Metsje wiene alhiel ferbjustere.

Koart derfoar hie it bestjoer de omslach fan it Kritteniis noch troch Lisa de Roos fernije litten, dat beide wiene der net op fertocht dat dit barre koe.

Rennie siet yn de toanielploech en bespruts dit beslút mei de oare spilers. Nei koart berie besleaten sy in har gehiel om de taak oer te nimmen. Sy hiene der alle betrouwen yn om it meielkoar oan te kinnen. Sy hiene ommers al jierrenlang gearwurke as toanielploech, alle jierren mei-inoar oplutsen om útfierings te jaan by oare kriten oant yn Enschede en Hoorn ta. Prachtige tiid: oerbliuwe yn hotels en dan de oare deis wer meielkoar nei hûs! Wat in wille!

En sa kaam it dat Rennie Monsma, Teatske Haanstra, Metsje en Hans Groenhof, Piet Boelens en Sjoerge Wiersma it nije bestjoer waarden. Der moast noch wol in ponghâlder komme en dy fûnen se yn Piet. Goed fjouwer jier lyn naam Douwe de Beer it oer fan Piet. De oaren binne der noch altyd bliid mei dat Douwe derby kaam.

Koroana hat in protte bedoarn, ek foar ús krite. Der wie it Diel Noard, gearwurking fan de kriten Roan, Assen, Súd-East Drinte, Meppel en Swol, dy't alle jierren nei de winter by elkoar kamen om harren aktiviteiten te besprekken: wat hie elkenien dien, hoe hie it harren foldien en hoe hiene de leden hjir op reagearre? Dêr stuts elkenien wer wat fan op. Mar doe lei alles stil en wie der neat te bepraten. En no hat Emmen yn jannewaris harren lêste jûn hân en ek Meppel tinkt oan ophâlden. Hoe spitich dat ek is, is is net oars!

Dan it Kritenijs: dat sjogge sy allegearre as de ferbining fan de kriteleden. En dan al dy frijwilligers dy't dêr oan meiwurken. Jan Toering -korreksje- en oersetwurk en syn ferske rubriken, Jaap Bakker mei 'Ha jo it al heard' en mei syn akkordeon as wy Fryske ferskes songen. Anje Hoogland -typwurk, layout en finer fan kopij, Goaitske en Jaap Bakker, dy't alle jierren de sûkerbôlen en oranjekoeken by in Fryske bakker yn Snits hellen en dat troch Hans en Metje oernaam is. Dan Sjoukje en Poppe Jansma foar de lede-administraasje; Anne Veenstra mei syn ferhalen oer de âlde tiid. De fraachpetearen fan Jeltje Geertsma, lyk as dit stik. Ja, en alle bestjoersleden ha wol harren bydrage leverre. En net te ferjitten de advertearders!

Oan it tal frijwilligers leit it net dat der no in ein komt oan ús krite. It is de sinteraasje dy't ta dit beslút twingt: it Kritenijs wurdt betelle mei de kontríbúsje (en dat wol it bestjoer net omheech bringe) en mei advertearderssynkomsten. De middeis/jûnen moatte út de yntree komme: sealhier en wat der fierder bykomt. De ferlotting is wol in moaie oanfolling, mar it tal besikers bliuwt efter en dan tynt it kapitaal yn.

It bestjoer hat altyd mei in hiele protte nocht en wille har wurk dien. It wie altyd wer fijn as de minsken nei hûs ta giene en seinen: "Wat ha we it wer gesellich hân. Wer efkes Frysk prate en sa no en dan Fryske ferskes sjonge".

Mar, hoe spitich dat ek is, de realiteit moatte wy ûnder eagen sjen! Dit is it lêste fraachpetear. Mar yn april komme wy noch ien kear byinoar. It bestjoer hopet dan in protte leden wolkom hjitte te kinnen!

*Groetnis,
Jeltje Geertsma*



Fan Jan en Anje (redaksje)

It lêste Krittenijs ...

Drukkerij Multa, yn't bysûnder Wim, wolle wy tanksizze foar de tige plezierige wize fan gearwurkjen! Foarhinne help Wim mei it pleatsen fan foto's en plaatsjes of mei it opmeitsjen fan it boekje. De lêste jierren koe de tekst mei plaatsjes kompleet oanlevere wurde fia de kompjûter. It slagge altyd it boekje op 'e tiid by de leden te krijen. Ek Sjoukje en Poppe ha dêr mei harren ynset foar soarge.

Jeltje Geertsma hat nei ferskate plakken reizge om in fraachpetear ôf te nimmen. Fan de ferhalen hat elkenien genoaten. Tige tank Jeltje! Jaap Bakker en Jan Toering ha altyd moaie stikken oanlevere! (ik ferjit mooglik noch minsken dy't ek tekst ynbrochten; nim my net kwea ôf). De bestjoersleden ha fansels ek altyd meitocht oer it Krittenijs.

Koartom: it wie in moaie tiid en in beuzigheid mei in foldien gefoel!

No is 't dien mei it redigearjen en stikjes sykjen; en ek mei de kontakten mei it bestjoer. Dat is spitich, mar it libben giet troch. Jan en ik sille sa út en troch noch wolris in kritelid treffe.

Wy winskje elkenien sûnens, lok, moaie tiden, selskip, moed en libbensfreugde!

Anje Hoogland

Wy binne oan 'e ein



Útnûging feest 95 jier

freed 11 april 2025

wolkom fan **10.30 oere** ôf yn it Haolerhoes te Hooghalen.

Gelokkich kinne wy it 95-jierrich bestean fan ús Krite noch fiere.

Doe't de Krite 90 jier bestie siet it ús troch koroana net mei, mar no sil it heve.

Kom frou-/manmachtich nei it Haolerhoes yn Hooghalen!

Fan **10.30 oere** ôf stiet der in bakje kofje/tee en in hearlik stikje oranjekoeke op jim te wachtsjen.

Wy fermeitsje ús oant **12.00 oere** ta wannear't dan in breamiel foar ús klearstiet. Jim kinne kieze út moster- of grientesop, der stiet 'lekker beppe'-sûkerbôle, in broadsje mei kroket (of tsiissûfflee foar de fegetariër) en in stikje bôle mei huzareslaad. Dit kin fuortspield wurde mei molke, sûpe of sinesappelsop.

Miskien wolle jim jim dan efkes fertrêdzje, mar om **14.00 oere** geane wy fierder mei de dei.



It sang- en teaterduo Adyrf sil ús fermeitsje mei: “It lêste rûntsje”.

Andrea en Lieuwe meitsje mei ús it lêste rûntsje troch Fryslân. Mei moaie lietsjes en sketskes litte se ús genietsje, nea kwetsend, mar âlderwetsk gesellich.

Nei sawat trije kertier ha sy efkes skoft, want der moat ek wer wat benzine yn de scooter. As de scooter wer tankt is (en jim ek) geane sy wer fierder.

Foar dizze prachtige dei freegje wy fan jim foar de kofje mei gebak, iten en drinken en fermaak **mar € 5,-**. **Betelje yn de seal oan Douwe.**

Jim kinne jim **opjaan by Hans: 0592-352932** of **Metje: 06-40071573** oant en mei **tongersdei 3 april.**

Dus minsken: net stinne, der hinne.

Te maaie

De maitiid is te rûken oan gers en krûd en blomt.
It grien rint oan de tûken, it grien rint oer de romt,
it grien rint oer de romt.
De hôven pronkje bûten roai!
Natoer, wat bistû wûndermoai,
te maaie, te maaie, te maaie!



It grien brekt út de bannen
en winterwynsels wei,
De wyn glydt oer de stannen,
de weagen glide mei,
de weagen glide mei.
De fûgels sjonge bûten roai!
Natoer, wat bistû wûndermoai,
te maaie, te maaie, te maaie!

De kimen till' en beevje
fan mylde sinneskyn.
O, koe ik gean en sweevje
dy frije fierten yn,
dy frije fierten yn.
Natoer, wat bistû wûnderswiid!
Natoer, dit is dyn moaiste tiid!
Te maaie, te maaie, te maaie!



Skraard



Men hearde meast âldmannepraat
deis op 'e leagenbank yn Skraard.
Doe hat ris op in jûntiid let
dêr jongfolk har te praten set.
Wêr't oars de wiisheid pachte waard
- te hearren oan âldmannepraat -
wist elk no fan de wei en spraak:
men swetste en eamele omraak!

Eveneminten yn Fryslân (in lytse kar, want der is ôfgrysliek folle te dwaan ...)

5-4 o/m 18-10	Fliemerk op sneon	Bakkefean (oant 13.00 oere ta)
6-4, 15.30 oere	Sneker Mannenkoor	Martinitsjerke Snits
6 en 20-4	Boerestreekmerk	Appelskea
5-5	Grutte Taptoe	Snits
6-6	Jiermerk	Easterwâlde
14-6	Boekemerk	Jobbegea (fan 13.30 oere ôf)
25 o/m 28-6	Heamieltdagen	Boalsert
16 o/m 20-7	Ballonfeesten	De Jouwer
28-7	Streekmerk	Langwar (fan 12.00 oere ôf)
6-8	Concours Hippique	Bûtenpost
Oant en mei 27-9	Hist.grachte-rûnfeart	Snits
Oant en mei 28-9	Helmantel yn Jopie	Huismanmuseum, Warkum
13-9	Keunstmerk	Beetstersweach
hiele jier	Klompemuseum	Noardburgum (Scherjon)

Skûtsjesilen 2025

SKS

sneon	26-7	Grou	sneon	2-8	Starum
moandei	28-7	De Feanhoop	moandei	4-8	Wâldsein
tiisdei	29-7	Earnewâld	tiisdei	5-8	De Lemmer 1
woansdei	30-7	Terherne	woansdei	6-8	De Lemmer 1
tongersdei	31-7	Langwar	tongersdei	7-8	De Lemmer 2
			freed	8-8	Snits

IFKS

Fan 9 oant en mei 16-8

(sjoch op ynternet foar de plakken)



Fierljeppen 2025

(in greep út alle data)

28-6	10.30 oere	Bûtenpost	Jeugd
9-9	10.00 oere	Drylts	Fryske kampioenskippen Jeugd
16-8	13.30 oere	Winsum	Fryske kampioenskippen
30-8	14.00 oere	It Heidenskip	Nederlânske Kampioenskippen

Keatsen 2025 (inkelde data)

30-7	De PC	Frjentsjer
6-8	Freulepartij	Wommels



De Fries en syn taal

Pak je in Fries syn sinten ôf
syn euro's, syn fermogen
dan hâldt er dochs syn goede sin
en fluitet ûnfertogen.

Pak je in Fries syn auto ôf,
syn scooter en syn brommer
dan spant er 't hynder foar de wein
en túcht troch bosk en lommer.

Pak je in Fries syn Fryslân ôf
syn haadstêd en syn rjochten,
dan hat er noch syn Fryske taal,
dêr is er mei ferflochten.

Itelroaske Bernsbern Krûpel
dsk Manjefiek saterje
Teaert Skytskoarje Smi
1 Eabele Fereale Hynder
Bjusterbaarlik
iiken Ferdivedaasje Gr
ottefylje Langstme Bûsc
iner Sabeare Earmtakke
Jmtoffelaalen Nuet Ferrinnnewearje
wapperje Potleadsuteler Bûth
olje Jirpelskylmeske Haljetrewz

Nee, nimmen pakt dy taal him ôf,
dy sil er ivich sprekke,
dy hat er leard fan heit en mem
en hat him hiel djip rekke.

Dy taal, dy nimt er mei yn 't grêf
- want ienris moat er stjerre,
syn lêste siken binn' yn 't Frysk
en lit dat dúdlik hearre.

(Hans Dyk)



Betankje

Fan Wemmy Hummel út Assen krige it bestjoer in kaart nei it ferstjerren fan har man, Harm Hummel.

Harmen hat in oantal jierren de redaksje foarme fan ús Kritenijs. Hy is 89 jier wurden.

Wemmy en de bern ha folle bliken fan belangstelling en meilibjen krige. Sy binne dêr tige tankber foar en it hat harren bysûnder goed dien.

Wurdsiker

Sykje ûndersteande wurden op (der is gjin oplossing fan de oerbleaune letters).

F	M	R	T	O	A	N	I	E	L	R	T	F
D	E	E	E	Ô	F	S	K	I	E	A	L	T
R	R	R	M	O	L	A	A	H	R	E	F	E
E	E	S	L	M	J	E	O	L	U	T	A	H
G	G	B	P	O	E	T	I	R	K	E	K	O
E	I	E	K	I	T	T	S	R	H	P	K	O
S	L	H	D	N	T	T	A	E	G	H	O	G
E	L	L	I	W	A	I	I	A	B	C	R	H
L	I	N	O	C	H	T	C	N	L	A	D	A
L	W	S	J	O	N	G	E	H	G	A	E	L
I	I	M	U	E	L	I	B	U	J	R	O	E
C	R	S	T	A	M	P	P	O	T	F	N	N
H	F	I	E	R	B	F	R	T	L	A	M	A



akkordeon

bestjoer

bol

ferhaal

ferlotting

fleur

fraachpetear

frijwilliger

gesellich

Hooghalen

hout

iten

jubileum

krite

memmetaal

nocht

ôfskie

sjonge

spitich

stamppot

taal

tankber

toaniel

wille

Bokwerters


- Hebt u al aan het himmelen geweest? Het is weer meitijd, ons mem is al aan het kleren wieren.
- Dat schilderij is een slomp geld waard. Hij heeft dat wel in het snotje.
- Ik verveel me stukken. Valt hier nog wat te redden? Heb je niet een putje voor mij?
- Ik heb mijn nocht, maar dat is niet zo slim, want der is nu even tijd om te sijkhalen.

It Fryske wapen

It Fryske wapen datearret al fan de midsieuwen, mar de offisjele fêststelling is koarter lyn. Troch de Steaten fan Fryslân waard nammentlik yn harren gearkomste fan 9-7-1957 besletten in fersyk ta H.M. de Keninginne te rjochtsjen om befêstiging yn it gebrûk fan it wapen foar de provinsje Fryslân.

By Keninklik Beslút op 11-2-1958 is de provinsje befêstige yn it gebrûk fan dit wapen.

Yn it azuerblauwe skild steane twa geande, boppe-elkoar pleatste liuwen fan goud, beselskippe fan sân lizzende blokjes fan goud, pleatst 2 – 2 – 3. It skild is dekt mei in gouden kroan fan fiif blêden en fjouwer pearls. It wurdt hâlden troch twa liuwen fan goud.



It sintsje



It sintsje boartet troch it blêd,
en pattet flinter, brims en blom,
en wurdt it boartlich spul net sêd?
Krûpt no ris wei, komt dan werom.
O, datsto op dyn libbenswei,
sa dwaan kinst, as it sintsje docht
en fleur bringst, rûnom dei oan dei,
oan mannichien, mei folle nocht.



Bouwbedrijf Rotteveel B.V.
Broeklaan 22, Assen 0592-355278
www.bouwbedrijfrotteveel.nl

Dorpshuis 't Haolerhoes is bij uitstek geschikt voor:

- feesten en partijen,
- vergaderen (beamer en laptop aanwezig),
- bijeenkomsten.

Zaalruimten groot en klein naar keuze.

Ruime parkeergelegenheid.

Praktisch alles is mogelijk.

Vraag vrijblijvend inlichtingen bij de beheerder.

Tel. 0593 – 592340 - b.g.g. 06 – 10144987

Stengelinstraat 18, 9414 AV Hooghalen



Om yn jo bûsboekje te setten

Freed 28 maart

Fryske Krite Easterwâlde, de Wâldmantsjes: Hendrik Blom en Henk Bloemsma om 14.00 oere yn De Miente.



Snein 30 maart

Fryske ferskes sjonge yn Paterswolde, Ons Dorpshuis, om 11.00 oere.

Opm.: op snein 21 septimber 2025 wurdt der foar de 50ste kear songen yn Paterswolde, en dat sil in feestlik tintsje ha! Elkenien is wolkom! Ynformaasje: Anje Hoogland

Freed 11 april

Us Memmetaal, ôfslutende gearkomste + fiering 95 jier, Hooghalen. Fan 10.30 oere ôf en om 14.00 oere Sang- en teaterduo Adyrf.

Woansdei 30 april

Mei Krite Easterwâlde de middeis nei it Skûtsjemuseum yn Earnewâld; de jûns waarm ite yn Donkerbroek. - sjoch side 6.



Wiisheden

- De grutte freugde om de lytse dingen, is it lytse geheim fan it grutte lok.
 - Dy't himsels kidelje kin, kin laitsje wannear 't er wol.
 - Men seit folle dat men net leaut en men leaut folle dat men net seit.
 - Lear fan juster, dream fan moarn en libje hjoed.
 - Nei rein komt sinneskyn.

*De tiid hâldt gjin skoft, de tiid hâldt gjin skoft ...
De ljocht' en tsjust're dagen,
dy't it libben jout te dragen,
Hja geane, fersfleane, de tiid hâldt gjin skoft.*



SPESJAALSAAK
H. Witting & Zn

- sûnt 1876 -

Huodden - Petten - Moade-akcessoires
Oosterstraat 51 Grins
050 3121180

Rotonde

Ferline wike soe ik by in grut túnsintrum blommen keapje (jo meie josels dochs wolris ‘bedjerre’, no?) Dat is neat gjin nijs fansels, mar it waard wol in wûnderlik aventoer. It túnsintrum leit wat bûten ús buordoarp en de wei dêrhinne is krektlyn feroare. Der is bygelyks sa’n nijerwetske rotonde oanlein. Dan moatte jo goed witte wêr’t jo hinne wolle, want oars sitte jo samar yn ’e ferkearde baan. En der dan wer útkomme? Ho mar, want troch de opsteande rântsjes kinne jo mar ien kant út!

Deun by de rotonde wie it smoardrok mei auto’s. Sy giselen oan alle kanten om my hinne. En ferhip, ja, hear! Ik siet dus wòl yn ’e ferkearde baan. “No kalm bliuwe” sei ik tsjin mysels, “gewoan it rûntsje omride en dan mar wer sjen”. De died op ’t wurd en ik wie hást yn de goeie baan, doe’t in oare auto my ôfsnied ... Mei in bûnzjend hert en it swit op ’e foarholle draaide ik noch mar in rûntsje.

En doe kaam de reaksje. Hoe doarst dy sjauffeur dât te dwaan! Wat in omkoal, sa’n man soe gjin rydbewiis ha meie ... De aardichheid wie der foargoed ôf en ik waard koart foar de kop: no is ’t út, ik gean werom!

Mei de foet op it gaspedaal sette ik sokken. Mar goed dat der gjin plysjekontrôle wie ...

Hast wer thús betocht ik dat der by ús yn it doarp krekt in nij blommewinkeltsje iepene is. No, dêr ha ik yn alle rêst prachtich moaie blomkes kocht, mei fansels in kaartsje yn it Frysk derby. Want: wat der ek ferdwynt: ús memmetaal bliuwt en docht my altyd goed. “Graach oant sjen”, sei de eigeneresse.

groetnis,
Tsjutsje





Feestje, verjaardag, bruiloft, jubileum, BBQ, buurtfeest?

Mercurius Catering verzorgt graag en goed uw feestjes en/of bedrijfsuitjes. Van bbq tot compleet buffet: wij draaien onze hand er niet voor om. Alles vers geleverd bij u op het werk of bij u thuis. Ook voor een sfeervolle inrichting kunt u bij ons terecht.

Succes verzekerd!

Thuis een tap nodig? Ook dat kan. Wij verhuren speciale taps voor thuisgebruik. Mercurius Catering neemt graag de regie voor u uit handen voor uw feest in overleg met u. Samen met u maken we geheel vrijblijvend een voorstel voor uw feest.



Mercurius Catering
Ketellapperstraat 22
9403 VR Assen
0592 - 317755



facebook.com//MercuriusCatering
twitter: @deBBQSpecialist

Nu ook
mobile
musicbox
te huur



www.mercuriuscatering.nl

Brij

Âlde Jitse siet yn syn keamer fan it rêsthûs, wiehoeheech yn 'e loft. Hy koe oan Drylts ta sjen, om oer Easthim dan noch mar net te praten.

“Bêst, poerbêst”, sei er doe’t ik him frege hoe’t it him foldie. “Der is fansels wolris wat, och ja ..., it iten ek, hear, it hoecht net better. Dat is te sizzen ... ’t Is net dat ik ûntankber bin, mar as nijgesetsje krije wy hjir middeis in kopke yochert; ek wolris in apel of in sinesappel. Ik sil net sizze dat wy dêr gjin genôch oan ha, mar oan it lêst ta plichte myn Jetske noch altyd eigenhannich brij te sieden. Flesseboel wie se fij fan. Jetske koe sa brij siede! Sûpenmoallen, rizen, groatten, neam mar op. Brijsieden lei Jetske har op ta. Dan seach se net op in healoere tiid, mar sette ek wat op 'e tafel dat brij hjitte koe!

Wolle jo wol leauwe ... nee, ik bin net ûntankber ..., mar wolle jo wol leauwe dat ik noch faak ûnwennich bin fan Jetske har brij?”

Âlde Jitse koe him net goed hâlde. De bûsdoek kaam der oan te pas ...



(Paulus Akkerman)